

Provinsjale Steaten fan de Provinsje Fryslân
FNP-fraksje, t.a.f. de hear Fokkinga
Postbus 20120
8900 HM LEEUWARDEN

Ljouwert, 31 maaie 2017

Ferstjoerd,

02 JUN 2017

Ús merkteken : 01417895
Ôfd/Opjefte : Ynfrastruktuer
Opsteld troch : H. Dijkstra / (058) 292 50 28 of h.dijkstra@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer N359 – trije tunnels Westergoawei

Achte hear Fokkinga,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 04 maaie 2017, beântwurdzje wy as folgt.

Ynlieding:

De krusingen yn de provinsjale wei N359 wurde op dit stuit op'e nij ynriochte. Bettere ferkearsfeiligens en in bettere ûntsluting / oansluting mei it ûnderlizzende lokale wegennet is dêrby neffens it Utfieringsprogramma PVVP 2016/17 it haaddoel. Tusken Ljouwert en Boalsert binne dêrta nije tunnels oanlein by Húns-Leons en Hilaard.

Op it program steane noch trije tunnels bij Boalsert-Noard, Wommels-Noard en Burchwert. Yn PS 12 novimber 2014 is by de behandeling fan de Begrutting 2015 in moasje oannommen dy't freget:

- De infrastrukturele knelpunten op de kruispunten N359 Wommels Noord, N359 Bolsward Noord en N359 Burgwerd aan te pakken en de dekking hiervoor te zoeken binnen programma 2, de aanbestedingsvoordelen van wegenprojecten en de ruimte in de VAR waarbij het afgesproken minimum (10 miljoen) in de VAR intact blijft;*
- De N359 Wommels Zuid met een kleinschalige maatregel op te lossen en dit te dekken uit de vrijval bij het project N359 afslag Oudemirdum;*
- Voor 1 maart 2015 met concrete voorstellen te komen om bovengenoemde knelpunten op te lossen.*

Yn 2015 is 12 miljoen euro foar de restearende trije tunnels beskikber steld. De krusing Wommels-Súd is ûnderwilens al oanpakt. No docht bliken dat it budzjet te min is foar de oarspronklik tochte oplossing, ek y in eventueel oanpaste fariant (Friesch Dagblad 22, 27 april).

Ek fia de bestjoerlike line berikke ús lûden dat der soargen binne dat alle opsjes no wer iepen lizze en dat de oanpak fan de gefaarlike krusingen fertraging oprinne sil. Provinsjale Steaten binnen oant no ta allinnich fia in fuotnoat yn it provinsjale jierferslach summier ynformearre.

Fraach 1:

Hokker ynhâldlike oarsaken binne der foar de finansjele oerskrieding? Graach jo útlis.

Antwurd fraach 1:

Op grûn fan ûnderfinings dy't wy resint opdien hawwe mei de oanlis fan de tunnel ûnder de N359 by Hilaard (dy't aardich fergelykber is mei de trije tunnels), docht bliken dat de folsleine kosten oprinne ta rûchwei 7,5 miljoen euro per tunnel. In part fan dizze kosten sit net allinnich yn de tunnel sels, mar benammen ek yn it realisearjen fan de op- en ôfritten om de gemeentlike diken wer oanslúte te kinnen.

It docht no bliken dat de beskibere 12 miljoen euro út it Koalysjeakkoord 2015 – 2019 net genoach wêze sil om alle trije de tunnels oanlizze te kinnen. Mear budzjet is dus nedich.

Fraach 2:

Kinne wy der fan op oan dat der hoe dan ek trije ûngelykflierse krusingen komme, lykas mei PS ôfpraat?

Antwurd fraach 2:

Ja, dat steane wy as kolleezje noch steeds foar.

Fraach 3:

Wat soene de mearkosten wêze? Kin dit opfongen wurde binnen it Útfieringsprogram PVVP of moatte jo dêrfoar werom nei de Steaten, en by hokker gelegenheid dan?

Antwurd fraach 3:

At wy útgean fan in tradisjonele wize fan oanbesteging en boumetoades, sille de kosten oprinne tusken de 20 oant 23 miljoen. Lykwols binne wy fan doel om alle trije de tunnels yn ien kear op de merke te bringen; troch in mear ynnovative wize fan oanbesteging én realisaasje wolle wy de kreativiteit fan de merke sa folle mooglik benutte. Wy tinke dat hjirmei de mearkosten foar alle trije tunnels yn it gehiel beheind wurde kinne ta 6 miljoen euro, wêrmei it totale budzjet op 18 miljoen euro komme sil.

It doel is om dizze mearkosten as taakstelling binnen it programma 2 (Ferkear & Ferfier) te finen. Dit is it foech fan Provinsjale Steaten, dêrom sille wy hjirfoar noch dit jier in separaat beslút foarlizzen oan Provinsjale Steaten. Yntusken geane wy wol troch mei de fierdere tariedings, om net noch mear fertraging op te rinnen.

Fraach 4:

Planning: hoe realistysk en hoe wis is it dat de útfiering binnen twa jier begjint, no't der neffens de oarspronklike planning fan it PVVP al fertraging liket te wêzen?

Antwurd fraach 4:

It starten fan de útfiering binnen no en twa jier is noch altyd mooglik. Ien en oar hinget benammen ôf fan de faasje wêrmei wy de nedige grûn yn eigendom krije kinne. Dat hawwe wy net yn de hân; wol is ús doel om de earste petearen hjiroer sa fluch as mooglik op te starten. It stribjen is om ein 2021 alle trije de tunnels yn gebrûk nimme te kinnen.

Fraach 5:

Sjoen jo antwurden op it boppesteande, binne jo ree om de Steaten dochs noch per brief streekrjocht op de hichte te bringen van de stân fan saken by dit troch de polityk sa bot winske projekt?

Antwurd fraach 5:

Ja. Noch foar de simmer krije Provinsjale Steaten in brier hjiroer tastjoerd. Dit hat eefkes duorre; wy wolle as kolleezje graach de trije tunnels realisearje, mar it moat ek mooglik wêze. Nei it krekte hoe en wat; dêr moasten wy earst goed nei sjen. Op 30 maaie hawwe wy hjir in finaal beslút oer nommen mei in posityf stânpunt; wy geane foar it realisearjen fan trije tunnels, foar yn it gehiel 18 miljoen euro.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



foar dizze, de loko-foarsitter
drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.J. van den Berg, sikretaris

foar dizze drs. A.L. Piet, loko-sekretaris

